

Handwritten text in a circular arrangement, possibly a poem or lyrics, written in a cursive script. The text is partially obscured by a large orange circle.


FeRstival

Ferrefariaasje

24/25

81

Fersen FeRstival 24/25



FeRstival

Organisaasje
CEDIN

Jaap Cuperus / Marrit de Schiffart / Doete Stenekes
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten
0880 200 300
ferstival@cedin.nl

Cedin
frysk en meartaligens

ferse

Ynhâldsopjefte

Algemeine ynformaasje FeRstival	5
Foardrage, in stikje teory	8
Fersen Starters	11
Fersen Trochsetters	23
Fersen Toppers	33
Ynhâldsopjefte fersen	44

Kar fan fersen:
Jacob Kingma, Marrit de Schiffart
en Broer Zonderland



Algemiene ynformaasje FeRstival

FeRstival is de grutste foardrachtwedstriid fan de provinsje Fryslân. Alle jierren dogge der sa'n 100 learlingen út it fuortset ûnderwiis, mbû en hbû mei. Elke learling oant en mei 18 jier kin meidwaan.

Der binne - by genôch dielnimmers - fjouwer groepen yn de heale finales:

- **Groep Starters A: learlingen earste klasse fmbû**
- **Groep Starters B: learlingen earste klasse hafû/twû/gymnasium**
- **Groep Trochsetters: learlingen klassen 2 en 3**
- **Groep Toppers: learlingen klasse 4 of heger of studinten mbû/hbû**

Opjefte

Wy wolle graach dat de opjefte sintraal dien wurdt troch de direksje of de dosint dy't de organisaasje op him/har nimt. Learlingen dy't net fia de skoalle yn it besit fan dit boekje kommen binne, kinne har sels opjaan. It tal dielnimmers de skoalle of ôfdieling fan in skoallemienskip moat foar **alle groepen** beheind wurde ta **fiif** de groep.

Opjeften moatte **uterlik freed 8 novimber 2024** binnen wêze op it mailadres ferstival@cedin.nl. Foar de goede gong fan saken freegje wy jim omtinken foar it folgjende: telefoanyske opjefte is net mooglik om't dat maklik ta misferstannen liede kin. Inkeld dus fia de mail. Yn de opjefte moatte de **katery, namme dielnimmer** en **namme fan de skoalle** stean.

Ekstra Fersefariaasje-boekjes kinne besteld wurde by Cedin: Gerrit Hoekstra, tel. 0880 200 300, of in e-mail nei: g.hoekstra@cedin.nl.

Heale finales

Elke dielnimmer moat in fers kieze út ien fan de trije kategoryen: Starters, Trochsetters of Toppers. De heale finales wurde hâlden op twa datums en trije plakken:

- freedtemiddei 29 novimber yn Iduna, Oliemolenstraat 16 Drachten, 13.30 oere
- freedtemiddei 6 desimber yn Theater De Bres, Schoolstraat 4 Ljouwert, 13.30 oere
- freedtemiddei 6 desimber yn Bogerman Snits, Hemdyk 2 Snits, 13.30 oere

As alle dielnimmers bekend binne, sille dy ferdield wurde oer de trije plakken. Dêr komt dan berjocht oer.

Finale

De finale sil hâlden wurde op:

- **sneon 25 jannewaris 2025 yn it Posthuis Theater op It Hearrenfean, 13.30 oere**

Yn de finale is der noch mar ien kategory Starters. Starters meie yn de finale itselde fers foardrage as yn de heale finale. Fansels meie se ek mei in nij fers komme. Trochsetters en Toppers moatte yn de finale mei in nij fers komme. In kopy fan dat fers moat uterlik **freed 20 desimber 2024** binnen wêze op ferstival@cedin.nl. Op dy kopy moatte de namme, it wenplak en de skoalle fan de foardrager stean.

De prizen besteane út wikselbekers (foar de skoallen), earetekens, boeken en in foardrachtclip. Op alle middeis binne dosinten, âlden en (skoal) freonen fan de dielnimmers fan herte wolkom. De tagong is fergees.

Ek dit jier hat in grut tal dichters foar de foardrachtwedstriid fersen skreaun en opstjoerd. Wy binne harren dêr tige tankber foar.

Tarieding

Ta beslút freegje wy noch jimme omtinken foar de ynlieding oer it foardragen op side 8 oant en mei 10, dy't Klas Bijkerk-Folmer, Tsjerk Veenstra en Mindert Wijnstra skreaun hawwe foar de dielnimmers/-sters én foar de begelieders.

Foardrage, in stikje teory

It hat bliken dien dat der ferlet is fan dúdlikens oer guon aspekten fan it foardragen. Wy hawwe besocht om wat algemiene opfettingen byinoar te swyljen, dy't ek yn de literatuer foarkomme.*) Hoewol't jo ek dêr tsjinstelde mieningen oantrefte, mei wat folget as algemien ûnderskreaun jilde.

Wat is it doel fan it foardragen? Alderearst bart it út 'e holle, sûnder help fan de tekst op papier. Dan kin men oaren genietsje litte fan wat de dichter makke hat. Wat de dichter sjoen, oandien, beweegd hat, wat syn idee is, moat de foardrager oerbringe op de harker. De foardrager is dus allinne medium, middel ta it doel. Hy soe likegoed ûnsichtber wêze kinne (dat bart nammentlik ek foar de radio).

Dat betsjut foar:

A. hâlding en beweging

Dy binne sa ûnopfallend mooglik. Gewoan op twa fuotten stean en net fan 'e iene foet op 'e oare hippe. Holle rjocht hâlde en de earms gewoan hingje litte. Earms feroarje út harsels fan hâlding as - op hiel natuerlike wize - de hannen bygelyks romte oantsjutte wolle.

De klam moat op it natuerlike lizze. Dochs moat de foardrager him der fan bewust wêze wat er docht. Hy moat him bewust meitsje (of meitsje litte troch syn begelieder) fan wat der 'natuerlik' út de tekst komt. Oars sein: dat in blom út 'e grûn komt en de stjerren oan 'e himel stean, wit elkenien. Dat hoecht net oantsjut te wurden. Dy hege toer kin nimmen mei de earms by, dat hat dus ek gjin doel. Mar hannen geane wol – fan eangst of skrik bygelyks - nei de holle. Net te kearen!

By de koartswilige, anekdoatyske ferskes, benammen by de Starters, kin it wat mear lije. Dúdliker kinne wy net wêze, spitigernôch. Noch oars sein: de dichter hat syn fers de wrâld ynstjoerd; it is him sa nei 't sin, de foardrager hoecht it net te ferbetterjen of te ferdúdlikjen mei gebearten of sterk dramatyske mimyk.

B. mimyk

Ekspresje. Wat is der op it gesicht te lêzen? As it fers goed trochlibbe is, falt dat fan it gesicht ôf te lêzen. As de blidens dy't út de wurden sprekt net oan 'e bûtenkant sit mar fan binnen út komt, dan litte de eagen, it hiele gesicht, dat út harsels sjen. Dat binne net te kearen emoasjes. De eagen binne o sa wichtich. Dêr sjocht de taskôger oan wat de foardrager sjocht. Dêr kin de romte mei oantsjut wurde dy't de dichter beskreaun hat. Fier en tichtby, heech en leech, mar ek de romte yn ús: wy kinne ek nei binnen sjen. Eagen kinne in soad ferriede. Se moatte 'derby wêze' en net rûnom hinne fleane.

C. it lûd, de stim

Dat is dus it belangrykst. Sa't de dichter it opskreaun hat, moat it sein wurde, net oars. Net in toanleaze -e mei mist wurde. It seit himsels dat de algemiene regels fan de útspraak oanhâlden wurde moatte. Leaver gjin staveringsútspraak. Oppasse mei slim dialektysk kleurde útspraak. Pas op foar 'bjartsje', 'mjorre', ensfh.

Goed artikulearje fansels, mar ek wer net sa dat it sizzen ûnnatuerlik wurdt. Dat wol ek sizze: om de assimilaasje ('hy hat de' wurdt meastal 'hy hatte'), en it ritme tinke; de sinsmelody moat goed fersoarge wurde. It folume moat op syn sêftst goed te ferstean wêze; by fersoarge artikulaasje kin it hiel wat lije.

D. de kar

De foardrager kin net in goed medium wêze as er it fers net goed begrypt. De kar fan it fers is dus tige wichtich. It fers en de foardrager moatte inoar lizze. Net alle fersen binne gaadlik om foar te dragen. Net elkenien kin dúdlik meitsje hoe't it moatte soe. It moaiste is as de foardrager sels in fers kiest en him it fers eigen makket, mar in betûft helper kin in soad dwaan. Dy docht it moaiste wurk as er de foardrager ta sels sjen, hearren en begripen bringt. Dat kostet faak in soad tiid, mar foldwaning, oandwaning en tadienens fergoedzje in soad.

Dat betsjut ek dat de kar net te maklik wêze moat, der mei bêst wat wraksele wurde. It soe faaks in goed ding wêze en begjin al foar de foarronde te sykjen nei fersen foar de finale. Enne... wy hawwe mear dichters en gedichten as dat faak bliken docht by de finale.

Oer it oankundigjen en sa fan it fers: gebrûk is dat earst titel en dichter neamd wurde. De foardracht is dan noch net begûn. Nim dan de tiid om konsintrearre útein te setten. Set it fers yn in stilte: it is in wrâld op himsels. Dêr kin soms de titel ek by hearre; dy soe dan werhelle wurde kinne. En oan 'e ein net fan: heu, 't is dien!

Der binne minsken dy't nei jierren noch oer ien foardracht prate fan ien fers troch ien foardrager. Svirsky**) skriuwt: 'De beste voordrager is hij, die de verbinding tussen maker en toehoorder het volmaaktst tot stand brengt. Deze magie is aan weinigen, wellicht aan niemand, in haar volheid gegeven. De kunst van het voordragen moet ook door noeste vlijt ontwikkeld worden. Hierin ligt ook de grote waarde van het voordragen.'

It mei ynmoed besykjen is it bêste wat der dien wurde kin en dat hat it publyk al hiel wat moaie mominten besoarge. Hooplik bart dat troch dit stikje noch faker.

*) A. Svirsky, De stem van de dichter A. Svirsky en A. Vogel, School der voordrachtskunst

**) earstneamde wurk, side 1



Fersen Starters

Priis

Us pake wûn de haadpriis
yn in grutte lotterij.
De man dy't him it jild útrikte
seach der hoopfol by.

'No komme al jo winsken út,
wat stiet der op jo list?'
Us pake tocht doe eefkes nei
en sei dat er wat wist.

'Ik woe wol graach dat moarnsbetiid
myn rêch sa stiif net wie.
En dat 'k, yn plak fan nepperts,
wer myn eigen tosken hie.'

'En dat ús hin wer aaien leit,
dat aanst de roas moai bloeit.
Dat it net kâld is yn april,
sadat it slaad goed groeit.'

'Ik wol graach minder rommel
yn 'e berm en yn 'e see.
En dat der net mear oarloch is,
is ek in goed idee.'

Sa gie it praat noch eefkes troch,
by pake is 't noait saai.
Doe rôp de man: 'Wy hâlde op.
Jo rêd' jo der mar mei.'

(net earder publisearre)

Nije jas

Us mem hat in jas foar my kocht.
Wyn- en wetterticht.
Hy is knalgiel.
It is werklik gjin gesicht.

'Hearlik waarm foar op de fyts,
dêr bisto wol oan ta.
Leave, sis do no ris wat.
Wêrom sjochsto no wer sa?'

O man, dy kleur,
soe sels in kanarje noch misstean.
No way dat ik dêr
mei nei skoalle gean.

Sil 'k him yn in kontener smite,
of oan in swerver jaan?
ritueel ferbrâne,
of in seemansgrêf jaan?

No is myn jas fuort.
Op in feestje meinaam.
'Rôversguod sa'n jas,
wier mem, ik kin der neat oan dwaan.'

Ik ha al in nije kocht.
Net waarm, net wetterticht.
'Spitich hê, ja 'k wit it mem,
myn nije jas is gjin gesicht.'

(net earder publisearre)

De mol

Utfanhûs by pake en beppe,
heit en mem dy moasten fuort.
Toskeboarstel mei, pyama,
knuffels ek, de hiele brot.

't Is dêr altyd sa gesellich,
we ha faak in protte lol.
En doe frege ik ûnder iten:
'Sjogg' jim jûn ek nei De Mol?

No is pake in bytsje dôf en
wat nayf, dy leave pop.
Mar doe 't ik it oer De Mol hie,
fleure hy ynienen op.

'Mol, jawis, moat altyd wêze.
Dêr sjoch ik no echt nei út.'
En doe die er âlde klean oan
en ik krig' in dikke tût.

Fuort wie pake op syn fytske,
en wy hiene gjin idee.
Dat wy sieten sûnder pake
jûns mei sjips foar de tv.

Nei De Mol wie hy werom pas,
blykber achter út it lân.
Grutsk stie pake yn 'e keamer,
mei twa mollen yn 'e hân.

(net earder publisearre)

De wite haai

In wite haai yn d' oseaan
sei op in dei: it is gjin dwaan
sa smoarch wurdt hjir it wetter;
ik hâld myn fel mar amper skjin
en ek de smaak is fiis en min
en net in greintsje better.

Mar hoe't se klage en stind' en die
it joech har neat, it wetter wie
breinsâlt en net te drinken;
wat sil ik no, sa tocht it bist
want anst dan stik ik hjir beslist,
ik moat wat oars betinke.

En op in dei swom se brutaal
it Hollânsk Djip op en de Waal,
't wie suver om te skriemen;
se hie in buordsje op 'e kop
dêr stie mei grutte letters op:
HALD NO RIS OP TE GRIEMEN.

En alle minsken op 'e wâl
dy seagen wol in bytsje mâl
mar setten doch de kranen stop,
ek de fabriken hâlden op
en stadich waard it wetter
wer folle, folle better;
de wite haai swom woltefree
op 't lêst ek wer werom nei see
en die fan klearebare noft
in spronkje yn 'e loft.

(út: Neierhân, 1999)

Filla Gigantica

Wy bin' ferhuze. Fan 't âlde hûs
hien' wy ús nocht.
Hoe't it nije hûs der útsjen soe
dat ha wy sels betocht.

Heit efter de kompjûter,
mei potlead en papier...
hy tekene en tekene...
hy hie it swit yn 't hier.

Wolsto in grutte keamer?
Fansels sei ik fan 'Ja!
'En... wêr wol' jim it bubbelbad
en... wêr in sauna ha?

In keamer fan wol fiif by fiif
foar heit. Wier, net te min...!
Dan ien fan twa by twa
dêr't mem wat strike kin.

It hûs hat in garaazje...
dêr kin' tsien auto's yn!
En ûnder yn 'e kelder
wol tûzen flessen wyn!

Moat ik troch de keuken rinne
bin ik tiden ûnderweis...
Fanút de kuolkast nei it gas
bedoarn is 't al, dat fleis!

Dan it swimbad yn ús tún
dat is wol trije meter djip!
En wy ha in grutte sêre!
Echt, wy binne su-per-hip!

Efter hûs dêr is in sleat.
Der gean wy hiel faak sitten.
Want... by al dy grutte keamers
is heit it lytste keammerke ferjitten...

Skuorrekoar

hark
hearst dat
hearst dy lûdsjes
sjoch
sjochst dat
sjochst dy kopkes
moatst net ferwege
moatst hiel stil wêze
moatst hiel goed sjen

ja
sa
krekt
sjochst se wol dy kopkes
hearst se wol dy lûdsjes
seis binne it
seis bekjes
oranje giel

seis holtsjes yn seis boltsjes
tsjin it reid op it bynt
seis kieltsjes dy't roppe
yn in kuorke fan klaai
fundemint
boppe hollen
muzyk foar earen
skilderstik foar eagen
sjoch... hark... sstttt...
programma takom maaitiid
selde plak selde tiid

(út: Feresfariaasje 2011)

Laitsje

Wy ha wol in nuv're sykte,
Myn freondinne, sy en ik.
Wy kinn' wol in oere laitsje
en dêrnei krije wy de hik.

No, dêr moatt' wy wer om laitsje,
Sa giet dat de hiele dei.
Ja, it is miskien wol nuver,
mar wy ha 't, wy sitt' der mei.

Want wy laitsje hast om alles,
ek al is der suver neat.
'k Hoech soms mar ien wurd te sizzen
en dan giet it al ferkeard.

Ja, 't is soms ek wolris lestich:
ûnder skoaltiid is 't sa'n toer.
Krij' wy dan in lytse oanfal,
wurdt ús learaar fuort wer poer.

Moatte wy ús dus bedimje,
tinke w' oan wat slims of sa,
ûngelokken, dat ien dea is,
wa't it is docht der net ta.

Meastal duorret dat mar eefkes
en dan is it al wer mis.
'k Tink net dat ús nuv're sykte
oait wer te genêzen is.

Nee, in oar kin 't net begripe,
se ferklearje ús foar gek,
fine ús twa heale wizen:
gichelkont en gibelbek!

(Ut: Smoarge Smjirkerts, 1990)

Beaken yn it tsjuster

By pake baarnde in kearske,
jûns yn 'e skimer stuts er it oan.
It stie de hiele nacht te skinen,
hy dwêste 't yn de iere moarn.

Sa'n leaf kearske hat wat nûgjends,
flûnkerjend sprekt it syn eigen taal.
Doe't ik pake dêr ris nei frege
fertelde hy my it ferhaal.

'Dy lytse kears is in beaken,
in weiwizer yn de neare nacht.
Net samar in gesellich ljochtsje,
nee, bern, dat kearske stiet op wacht.

Dat kearske is foar jim beppe,
jierrenlang wiene we lokkich troude.
Doe't se stoar, sette ik it kearske,
sy wie yn 't tsjuster sa benaud...

Ik sei: 'k Lit in ljochtsje brâne,
dan fynsto samar it paad werom.
Altyd sil ik hjir op dy wachtsje,
hoechst mar te roppen of ik kom!

Stom, altyd noch ha 'k de hope
dat op in nacht ris de skille giet
en dat myn alderleafste Froukje
hjir by my op de stoepe stiet.'

Der baarnt in kears op syn kiste,
ferljochtet it antlit troch it rût.
Pake sil syn Frouk no wol fine,
aanst blaas ik it kearske út...

(út: Fersefariaasje 2013)

Sechtsjin

jeu, sjoch hjir myn nije blitse scooter,
yn 'e moaiste kleuren: read en wyt
hy hat in hiel geve lûde toeter
gjin seefûgel dy't it doart en skyt

op myn scooter jei ik troch de strjitte
buorfrou Sytske springt hurd oan 'e kant
mar kom ik har dochs ris yn 'e mjitte
dan wiuw ik efkes, dat stiet ynteressant
en lit ik de motor ekstra raze
want blinder, dit bistje kin wol hurd
wat opfierd, dat sil jim neat ferbaze
dêrom traapje ik him op 'e sturt

mar oe wee as ik de plysje rûk
se jouwe samar in giele print
dy binne op misse mominten tûk
en leau mar net dat dizze jonge
néist syn geve, readwite scooter rint!

(út: Fersefariaasje, 2006)

Benaud

Ik wenje yn de kast
dy't op dyn keamer stiet.
En ik kom earst ta libben
as jûns it ljocht útgiet.

Dan stean ik yn it kier
en blaas nei it gerdyn.
Meitsje ik in lûdsje,
hâldsto dyn azem yn.

Soms slûp ik troch de keamer,
krûp ik ûnder it bêd.
Hear ik dy hastich hymjen,
gromje ik hiel sêft.

En asto einliks sliepst,
dan flústerje ik yn dyn ear.
Hiele aaklike ferhalen,
switst oer hiel dyn lea.

Mei in gjalp wurdsto soms wekker
en ropst om heit en mem.
Knip! Giet dan it ljocht oan:
en fuort dat ik dan bin.

Ik wenje yn de kast
dy't op dyn keamer stiet.
En soms bin ik hiel benaud
as ik by ljochtskyndeij hjir sit.

Dan lis ik hjir hiel iensum
eangstich om my hinne te sjen.
Want ik bestean allinne,
omdatsto leaust dat ik der bin.

(út: Fersefariaasje 2008)

for letters



Fersen Trochsetters

Foto-fint

Yn 'e appgroep fan 'e jonges
kaam ynienen dyn foto foarby
allegearre laitsje
koest hiel wat sjen fan dy

Dyn moaie brune hieren
dyn waarme leave blik
Mar alles dêr wer ûnder
ja dêr stoppe ik

Fansels wol ik dat sjen
en fiele, striele, mear
mar allinnich mei ús beiden
as ik dy kennen lear

Jierren al fereale
al tink ik net datsto my kenst
miskien noch as dy *nerd*
of dy frjemde foto-fint

Sa lang al oan it tinken
hoe wurd ik no dochs stoer
alle konsekwinsjes
haw ik dêr foar oer

Al soe ik dit noait dwaan
Wat dochst dêr in oar mei oan?
Wat in ferriet en skamte
it hiele libben al bedoarn

Mar ik sil dy wol rêde
Mei myn *nerdy* masker op
leauwe se as ik antwurd':
'Dat haw IK dien, mei *photoshop*'

(net earder publisearre)

Kamp

Ik lis plat op it liif,
sssst, súntsjes!
Bewapene
mei bûsen fol
krûp ik stadich foarút.

Pas op!
bewaker op de gong.
de Jong,
fluch, lied him ôf
brûk munysje.

Drave!!
Kom gau
de hoeke om!
Hjir del!
Dek my!

Dêr is de doar.
Klink nei ûnder.
No oplette.
Foarsichtich iepen dwaan.
Tsjuster, swit, steapelbêden.

Ien, twa, trije...

Ljocht oan!
Fjoer!!!!
Dûke, jump, jump!
Sykje dekking
Kom op, smite!

Raak!

Ja, wûn!
Suertsjesbattle-kampioen!

(net earder publisearre)

Oars

Ast fan Pink Floyd hâldst
en net fan Snelle of Maan
ast fan swarte kofje hâldst
yn stee fan rôze enerzjy

ast fan de kjeld hâldst
fan lêze, fantasy en finyl
yn stee fan fitness
en tsjille yn 'e sinne mei freonen

makket dat dy dan minder as de oar?
as alle oaren út de klasse?

do stjoerdest juster nei my
yn ús favorite twadde libben
datst dy faak sa oars fielst
krekt sa oars

as ik.

(net earder publisearre)

Eksploazje

Do leist sa lekker yn myn hân
Ik streakje dyn glêde hûd
en til dy op,
sa licht en leaflik bisto
Wy twaen binne ferfrisesele
en feroardiele ta inoar
Tegetherre rôlje wy oer
wite oerflakken as siden lekkens
Wy fine inoar tusken de linen
sûnder wapperjende wask
Asto dy tsjin my oan fliijst
kin ik my net bedimje
en wol ik ek mei dy!
Wol ik ferdwine
yn in wite wrâld mei
opswypkjende wurden
dêr't wy inoar fine
yn in eksploazje fan poëzy

Do kleurest myn wei
en joust swing oan myn gedachten
Trunest my oan ta sêfte sinnen
as de swiete noaten fan in sankje
Beminlike balpinne,
Ik hâld fan dy.

(net earder publisearre)

Ofskied

Hjoed nimme wy ôfskied
de wurden klinke hol
in echo troch de romte
de seal dy sit grôtfol

Ik hear immen snokken
dy gûlt oan ien stik troch
ik frommelje oan 'e mouwe
wit ek net wat ik doch

De frou dy praat mar fierder
ik krij net alles mei
de ferskes dy't se draaie
ferbine my mei dy

De kearsen dôvje stadich
de loft dy fielt sa swier
ik soe wekker wurde wolle
dat ien seit 't is net wier

Hjoed nimme wy ôfskied
wy ha gjin ôfskied naam
hoe hie ik witte kinnen
dat der gjin kâns mear kaam.

(net earder publisearre)

Gong is alles!

As ik wekker wurd
stiet myn holle al oan.
As in kearnsintrale,
as de Brandweer
It giet los!

Sûnder ferbân
fljocht fan alles foarby.
Net by te hâlden.
Myn gedachten giselje,
oer hjoed, oer moarn, oer juster,
oer tv, film, telefoan, TikTok,
freonen, skoalle,
heit, mem, game...
En dat allegear yn in
split second!

Ik kin mysels net útsette,
al soe ik dat faak wol graach wolle.

'Wurdsto nooit wurch fan dysels?'
frege ús heit.
Domme fraach!
It moat troch, troch, trochdinderje yn myn holle.
Dat haw ik dúdlik net fan him.

Myn suske spilet soms piano,
dan wurdt it rêstich yn myn holle.
Ik doch de eagen ticht
en dream even fuort...

Mar net te lang,
want de turbo en de
kearnsintrale moatte wer troch!
Gong is alles!

Soms woe ik dat ik mysels
hiel even útsette koe.

(net earder publisearre)

Lit my libje

Se witte it.
Ik fiel se sjen.
Ik hear se flûsterjen.
Ik ha ferlern
noch foardat de striid
striden is.

Net ien seit 'Hoi'.
Gjin berjochtsjes mear.
Blikken fol begrutsjen
dy't my kear op kear
ferlitte, ferjitte,
ferriede, ferstikke.

Ik wol raze!
Ik wol skreauwe.
Wat falt der te sjen!
Ik bin siik.
No en!
Makket my dat oars?

Please praat tsjin my.
Ik stek jim' net oan.
Wês myn freon
en doch gewoan!
Want ik bin hjir
en ik libje!

(net earder publisearre)

Bikini knakwoarst

Ik hie miskien wat hiel oars sizze moatten
mar de learaar frege 'wat fynsto it moaiste wurd?'
it gong gewoan even te hurd
en ik sei 'bikiny'

o se moatte allegear laitsje
en myn wangen steane yn 'e brân
en alle froulju (no ja, hast allegear) lizze dûbel
myn maat dy snikt 'wêr sitst mei dyn ferstân!'

as bin ik ien of oare famkesgek
dy't de hiele tiid fan bikini's dreamt
oer swimpakjes fantasearret ûnder de les
mar nee, nee, nee, sa sit it net!

it hat neat te krijen mei healbleate liven,
ek net mei simmer, strân of wetter
dus ik sis tsjin dy gnizende âldwiven
'trije kear in 'i' deryn, da's myn favorite letter!'

'sa moai, in pealtsje en in stipke,' sis ik ek
dus elkenien leit noch helte hurder slop
'do mei dyn moai pealtsje mei stip!'
kâld is it swit op myn fjoerreade kop

ik wit, der is mar ien manier om mysels
út dit mâle fjoer te rêden, en ik tink en ik tink
en rop dan, sûnder twivel, út folle boarst
myn nije favorite wurd: 'knakwoarst!'

(net earder publisearre)

18+

Moarn wurdt er achttjin
Hat er grut feest?
Taart, muzyk, snobbery,
giet oan him foarby

Snotnoas folwoeksen
De baret moat rjocht
Fan jonkje nei man

It unifoarm leit klear
Moarn wurdt er ophelle
Myn broer

Net foar de uni
Net troch syn leaf
Se wachtsje op him

Oan it front
giet syn libben fierder

(net earder publisearre)



Fersen Toppers

forleere

Skrouske kuier

paraplu's beskermje trêdzjende
toeristen tsjin de waarmte
op skeard gers

rigels wite krusen yn de
brânende sinne fertelle
de skaadkant fan eartiids

nammen wurde flústere
stiennen sûnder letters
skodholjend foarby rûn

in trompet werhellet
it lûd fan oantinken ûnder
in flagge healwei stôk

in âlde mem út Ingelân
leit hoeden in roas del
in fûgel sjongt heech

(net earder publisearre)

De see

Lit my allinne mei de see,
lit my allinne mei it strân,
'k wol myn siel wat driuwe litte,
los fan liif en fan ferstân.

Lit my mar in bytsje dreame
op de streamen fan gefoel
en de see, ik wit it seker,
dat se wit wat ik bedoel.

Lit my allinne mei de weagen,
dy't my drage hiel dit skoft.
Ik wol lúst'rje nei myn azem,
my ferbine oan 'e loft.

Lit my lúst'rje nei myn swijen,
dan sil ik wer fierder gean
en de see, ik wit it seker,
sil myn swijen wol ferstean.

(net earder publisearre)

Bûtensteander

Fier fan hûs
wenje ik
tusken iken en boeken
yn it nullebosk,
dêr'dt de kjeld
it masterskip fiert,
dêr't woartels tusken
bemoaze stiennen húzje
en trochbûgde tûken
farske snie heine.

Ik ierdzje wol
mar myn tinzen
binne yn myn heitelân.

As op in midsiuwske pynbank
fiel ik my ôfgryslík fjouwerdiel.
Ik doch krekt oft ik it net fernim.
Mar der binne oaren
dy't dat net talitte.

(net earder publisearre)

Soms

Soms,
yn 'e maitiid,
sjoch ik samar
by it bankje yn it park
dyn namme
yn krookjes en snieklokjes.
It wie ús bankje,
seidesto faak.

Soms,
yn 'e simmer,
skriuwe weagen
wurden fan treast yn it sân
fan it strân.
Se stean der mar eefkes,
mar krekt lang genôch
om se te lêzen.

Soms,
yn 'e hjerst,
roppe guozzen
ferhalen fan lang lyn
en fier fuort.
Witst noch wol
en pas goed op dysels.
Wy moatte fluch fierder.

Soms,
yn 'e winter,
blaas ik,
op kâlde blauwe dagen,
wite wolkjes yn 'e loft.
Sa sis ik wat werom.
Sa kinsto my ferstean.

Wy prate net lang.
Dat diene wy noait.

(net earder publisearre)

Wie ik noch mar fiif

Heit rôp it my hjoed noch ta
wylst ik treuzele boppe myn blomkoal
'do bist fyftjin, gjin fiif!'

dyselde jûns betocht ik my
wie ik noch mar fiif
yn stee fan fyftjin

eartiids wie it risseljen fan 'e blêden
myn sliepferske
dagen sa lang lyn
doe't ik in lyts tomke wie

en no't ik groeid bin
fyn ik mysels allinne
gjine idee fan wa't ik bin of wurde wol

wolst my nochris yn 'e sliep widze
by simmerske himels

heit, sjong my it ferske fan 'e blêden
bedek my mei himelsblau
en lit my in dream of twa dreame

mar no't ik fyftjin bin
yn stee fan fiif
fyn ik mysels allinne

wie it noch mar sa ienfâldich
as doe't ik in lyts tomke wie
en it risseljen fan de blêden

myn takomstmuzyk.

(net earder publisearre)

Triljende skonken

Fansels, ik ek
stean hjir mei triljende skonken
mar net om't ik bang bin foar jo
achte sjuery of jimme allegear.

Nee, as ik earlik bin fljocht de tiid
en mei faasje rin ik skoalle,
freonen, appe, swimme, beppe
ôf as in merke útsje.

Mar jûns lis ik wekker
boeken wurde stikken sketten huzen
it nachtlampke in flamjend bosk
de trui oer de stoel in oanfretten skiep.

'k Draai fan sahara nei oerstreaming
fan de rêch wer op it liif, swim as in
seeskyldpod eangstich fuort fan plestik sop
yn flinterslach fal ik wurch yn 'e sliep.

Dêr dûnsje ik tusken simmerblommen
ha in draak oan tou, de loft blauwer as blau
om my hinne draaft ús hûn hiel trou
yn gûnzjend gers jouwe wy ús hymjend del.

As ik wekker wurd skynt faak de sinne
pak ik de fyts en fiel my net sa ferdome lyts
as jûns foardat ik myn dreamen dreame kin
hee wacht, sjoch, net langer trilje my de skonken.

Earme Antsje

Earme Antsje waard se neamd,
mar wa hie der net fan dreamd
om wat fan har jild te krijen
har besit, har landerijen?
't Wie har lykwols ek ta lêst:
steat en oansjen, se siet fêst.

Earme Antsje hie as faam
noait in frijer by har naam.
Och, se wie fierstente sinnich
en sa bleau se oer, allinnich,
want de leafde fan har hert
woe se ha, mar dat koe net.

't Stânsferskil wie fierste grut,
de famylje sei 't har hurd:
'sykje 'n boer út eigen rûnte,
net sa'n ferver, dat is sûnde'.
Antsje knikte wol fan 'ja',
mar har hert woe Piter ha.

Boer by boer, sa bleau yn stân
pleatsen, fee, besit en lân.
Antsjes leafde waard ferballe
want se mocht gjin keunstner wolle.
Earme Antsje waard bestjoerd
troch famyljebân en -bloed.

Mar yn har testamint stie skreaun:
'k Wurd skielk begroeven neist myn freon.
En sa binn' se, sûnt har stjerren
dochs yn de ivichheid tegearre.

**It fers giet oer Antje Boersma út Jirnsum, dy't libbe fan 1847
oant 1919. Mei tank oan de histoaryske ynformaasje fan
Symen A. Schoustra.**

Tefolle

As alles my tefolle waard
as in stream dy't net ophâldt
koe ik lyts as ik wie
behindich fuortkrûpe
tusken stof en skaad.

As alles my tefolle waard
krûpte ik ferskûl
nimmen dy't my seach
as wie ik fan de kaart.

As alles my tefolle wurdt
fine se my oerdreaun
doch no mar gewoan
do bist no ommers grut.

As alles my tefolle wurdt
haw ik gjin plakjes mear
al fûn ik djip yn myn tinzen
in nij fersideplak diskear
en nimmen dy't it sjocht.

(net earder publisearre)

Ynhâldsopjefte fersen

Fersen Starters

Priis*	Jurjen van der Meer	12
Nije jas*	Berber Spliethoff	13
De mol*	Jurjen van der Meer	14
De wite haai	Tsjits Peanstra	15
Filla Gigantica	Ina Hoks	16
Skuorrekoar	Ytsje Hettinga	17
Laitsje	Jelle Bangma	18
Beaken yn it tsjuster	Auck Peanstra	19
Sechtsjin	Ruurdsje de Haan	20
Benaud	Jouke Douwe de Vries	21

Fersen Trochsetters

Foto-fint*	Lara de Vries	24
Kamp*	Berber Spliethoff	25
Oars*	Marije de Lange	26
Eksploazje*	Ciska Noordmans	27
Ofskied*	Janneke Heslinga	28
Gong is alles!*	Youvan Bergsma	29
Lit my libje*	Berber Spliethoff	30
Bikini knakwoarst*	Arjan Hut	31
18+*	Tjitske van Akker	32

Fersen Toppers

Skrouske kuier*	Ytsje Hettinga	35
De see*	Toon Hermans/Grytsje Kingma	36
Bûtensteander*	Carla van der Zwaag	37
Soms*	Jurjen van der Meer	38
Wie ik noch mar fiif*	Marije de Lange	39
Triljende skonken*	Ytsje Hettinga	40
Earme Antsje*	Grytsje Kingma	41
Tefolle*	Janneke Heslinga	42

*= net earder publisearre

The background of the entire page is a solid teal color, overlaid with a large, stylized graphic of overlapping leaves or petals in various shades of blue, creating a sense of depth and movement.

Cedin
frysk en meartaligens